

Eala,

Lysbeth Jongbloed-Faber hat it bestjoer fan it Frysk Boun om Utens fersocht om it ûndersyk, dat sy dwaan sil ûnder Friezen en Friezen om Utens nei it taalgebrûk op sosjale media by safolle mooglik Friezen om utens, ûnder de oandacht te bringen:

## **FRYSK**

*Bêste Friezen om Utens,*

*Sûnt novimber 2015 doch ik promoasje-ûndersyk by de Fryske Akademy / Maastricht University nei it gebrûk fan Frysk op sosjale media. Om't op sosjale media de fysike ôfstân gjin rol spilet, soe ik neist it taalgebrûk fan de Friezen dy't yn Fryslân wenje, ek it taalgebrûk fan Friezen om utens ûndersykje wolle.*

*Soene jo dêrom meidwaan wolle oan myn ûndersyk? It ynfoljen fan de fragelist sil tusken de 20 en 30 minuten yn beslach nimme. Under de dielnimmers sille wy in weardebon fan € 25,00 foar de websjob fan de Afûk en tsien Fryske sûkerbôlen ferlotsje.*

*Fansels behannelje wy jo antwurden fertroulik. De resultaten fan it ûndersyk sille anonimisearre yn ferskate presintaasjes en yn myn proefskrift presintearre wurde. De útkomsten sille net allinnich fergelike wurde mei dy fan ynwenners fan Fryslân, mar ek mei de ûndersiken dy't yn 1992 en om Simmer 2000 hinne ûnder Friezen om utens holden binne.*

*Om't ik heal oktober myn earste presintaasje hâlde sil oer it ûndersyk, soe ik jo freegje wolle foar 15 septimber de fragelist yn te foljen. Om te begjinnen kinne jo klikke op de link nei de [Frysktalige](#) of de [Nederlânsktalige](#) enkête.*

*Alfêst tige tank foar jo meiwurking!*

*Mei freonlike groetnis,*

*Lysbeth Jongbloed-Faber, Promovenda Fryske Akademy / Maastricht University*

---

## **NEDERLÂNS**

*Beste Friezen om Utens,*

*Sinds november 2015 doe ik promotieonderzoek op de Fryske Akademy / Maastricht University naar het gebruik van Fries op sociale media. Omdat op sociale media fysieke afstand geen rol speelt, zou ik naast het taalgebruik van Friezen die in Fryslân wonen, ook het taalgebruik van Friezen om utens willen onderzoeken.*

*Zou u daarom willen meedoen aan mijn onderzoek? Het invullen van de vragenlijst zal tussen de 20 en 30 minuten in beslag nemen. Onder de deelnemers zullen wij een waardebon van € 25,00 voor de webshop van de Afûk en tien Fryske sûkerbôlen verloten.*

*Vanzelfsprekend zullen wij uw antwoorden vertrouwelijk behandelen. De resultaten van het onderzoek zullen geanonimiseerd in verschillende presentaties en in mijn proefschrift gepresenteerd worden. De uitkomsten zullen niet alleen vergeleken worden met die van de inwoners van Fryslân, maar ook met de onderzoeken die in 1992 en rondom Simmer 2000 onder Friezen om Utens zijn gehouden.*

*Omdat ik half oktober mijn eerste presentatie zal houden over het onderzoek, zou ik u willen vragen om voor 15 september de vragenlijst in te vullen. Om te beginnen kunt u klikken op de link naar de [Friese](#) of [Nederlandse](#) enquête.*

*Hartelijk dank voor uw medewerking!*

*Mei freonlike groetnis,*

*Lysbeth Jongbloed-Faber, Promovenda Fryske Akademy / Maastricht University*

Wolle jimme sels meidwaan oan dit ûndersyk: graach! Wolle jimme dit ûndersyk ek oan Frysktalige kunde en famylje trochspylje: prachtich! En foar de skriuwers fan de Fryske Kritten - hawwe jimme in e-mailadressebestân fan jimme leden om dit berjocht nei troch te stjoeren, dan is 't alhielendal moai en kin Lysbeth mar 'oan't wurk' mei har promoasje-ûndersyk. Sy sil fêst bliid wêze mei in soad reaksjes! Mei út namme fan Liesbeth Jongbloed tige tank foar jim muoite!

Groetnis,

**Bestjoer Frysk Boun om Utens.**